

FRYSKE AKADEMY

GENEALOGYSK WURKFERBÂN

sneon 11 maart 2017

MENSEN, MOLENS, BEDRIJVEN

DICK BUNSKOEKE

De stêd Harns krige oan 'e ein fan de sechtjinde iuw in foaroansteande ekonomyske posysje yn Fryslân. In wichtich oandiel dêryn hiene de bedriuwsmûnen dy't yn en om de stêd ferriisden. Yn de sechtjinde iuw kaam de earste Fryske oaljemole by Harns te stean, fluch nei 1600 folgen de earste beide Fryske papiermûnen. Yn 1616 kaam de earste houtseachmole fan Fryslân, as earste fan in hiele rige. De bou fan de mûnen waard finansiere troch in relatyf lytse groep foaroansteande stedsjers, dy't ek hyltyd mear as eigners fan de mûnen yn 'e boeken kamen. Guon famyljes koene generaasje nei generaasje harren bedriuwen behâlde en foarmen sa in wiere "mûnedynasty". De grutte rol fan begoedige, meniste ynweners falt op by al dizze warberens. In ûndersyk nei de 35 stânplakken fan ferdwûne wynmûnen en de dêrby belutsen eigners en mûnders liede yn 2016 ta in nij boek, mei in yndeks fan hast 900 persoansnammen. De skriuwer sil yn syn lêzing foaral oan de hân fan dizze persoanen it ferline fan de mûnen fan Harns beljochtsje.

Ofbylding: Fan lofts nei rjochts "de Vrede" (1818-1918), "de Arend" (1779-1940), "de Eendracht" (1642-1901), de Harlinger Oliemolen (1691-1915) en "de Standvastigheid" (1779-1934).



Elts jier wurdt yn maart in mienskiplike genealogyske gearkomste hâlden, tegearre mei de Nederlandse Genealogische Vereniging. Dit jier organisearret it Genealogysk Wurkferbân dizze en is de NGV te gast.

Belangstellenden binne fan herte wolkom op dizze gearkomste!

De lokaasje is it **HISTORISCH CENTRUM LEEUWARDEN, Grienewei 1, by de Prinsetún.**

Oanfang 13.30 oere. **Tagong is fergees.** Parkeare kinne jo yn de parkeargaraazje Oldehove.

Sjoch ek op de webside: <https://www.fryske-akademy.nl/nl/genealogy>